

Ferslach fan de Iedegearkomste Feriening fan Doarpsbelang
Easterwierrum op woansdei 21 febrewaris 2018 de jûns om 8.00 oere
yn "De Tysker"



Ferslach: Tryntsje van der Meer
Oanwêzich: 35 leden.

1. Iepening.

Om goed acht oere iepent foarsitter Frank Jorna mei in wolkom de gearkomste.
Spesjaal wolkom is der foar Lize Cnossen, doarpskoördinator Súdwest-Fryslân. Yn de nije
gemeente is it wênst dat de doarpskoördinator de jiergearkomste fan de Doarpsbelangen
bywennet, omt der yn Súdwest-Fryslân gjin amtlik oerlis is.
Fierder in spesjaal wolkom foar de hear Trinus Hoekstra, wykplysje.

2. Taljochting troch de hear T. Hoekstra, wykplysje, y.f.m. foarstel ta it ynstellen fan in buert-previnsje-app.

De hear Hoekstra wie wyk-agint yn de gemeente Littenseradiel, no noch wykagint fan de 15
doarpen dy oergongen binnen nei Súdwest-Fryslân en noch 5 oare.

Der binne al mear as 8.000 doarpen/wiken dy in previnsje-app ynsteld ha. Ynformaasje is te
finen op www.wabp.nl.

Wat hâldt it yn: Der moat in groep oprjochte wurde op Watt's app en Doarpsbelang sil
dêrfoar it ynisjatyf nimme en wurdt behearder. 1 groep foar it doarp. De (wyk)plysje sit net
yn de groep. Ynwenners kinne harren oanmelde.

By fertocht gedrach fan in ûnbekend persoan kinne ynwenners elkoar op 'e hichte bringe. By
ûnrê wurdt advisearre 112 te beljen en net sels de held út te hingjen. De app is in
helpmiddel foar de plysje. De app moat allinne brûkt wurde foar serieuze gefallen, it is gjin
"flauwe kul" app.

By de trije tagongsdiken sil de buordsjes pleatst wurde.

Pyt Hettinga: Wurdt der mei de melding in soad foarkommen.

Hoekstra: Minsken binne allerter.

Frank Jorna: Kin de app ek brûkt wurde foar oprop AED?

Hoekstra: Dat kin ek fia buertapp. Persoanen dy de oplieding dien ha kinne harren ek
oanmelde fia hartslagnu.nl

Joop Bootsma: Hoe grut is it gebiet fan de plysje no 't wy ûnder Súdwest-Fryslân falle.

Hoekstra: It gebiet fan de plysje Snits bestrykt Súdwest-Fryslân en de Fryske Marren. Dit is
opdielt yn ferskillende tiims.

As de app ynstallearre is sil Doarpsbelang de ynwenners ynformearje, sadat dy harren
oanslute kinne.

De hear Hoekstra wurdt betanke foar syn útlis en kriget in pakketsje fan de waarme bakker
oanbean.

3. Ferslach jiergearkomste 15 febrewaris 2017.

It ferslach wie te lêzen op de webside fan Easterwierrum en hjiroer komme fierder gjin
fragen en op/oanmerkings. Dêrmei is it ferslach fêststeld.

4. Jierferslach.

It jierferslach wurdt foarlêzen troch Tryntsje van der Meer.
Der binne gjin oanfullings en fragen.

5. Finansjele ferslaggen.

Doarpsbelang: Opfallend is it prachtige positive saldo fan € 40.191,82, trochdat it restearende jild fan it Bonté de Grootfûns oan Doarpsbelang oermakke is. Dit is in bedrach fan € 28.755,44. Dit is op in aparte rekken setten. Uteinlik is Doarpsbelang ± € 300,- foarútbuorke.

Beharskommisje: Yn ferliking mei 2016 is der wer wat mear omset. It resultaat oer 2017 is € 11,196,- . Troch ôfskriuwing/reservearring is it netto resultaat - € 304,-

Oer dizze beide finansjele ferslaggen binne gjin fragen.

De finansjele ferslaggen fan de merkekommisje, badminton en de histoaryske komisje wurde toand en guon neier taljochte en hjiroer komme gjin fragen.

6. Ferslach kaskommisje: Joop Bootsma en Albert Jonker.

Albert Jonker docht ferslach en jout oan dat der by de beharskommisje noch reedlik wat kontant jild omgiet, alhoewol dit wol stadichoan minder wurdt. Hjirtroch is it soms wat dreech alles goed te kontrolearjen.

Der binne fierder gjin op/oanmerkings en de skathâlders fan Doarpsbelang en de beharskommisje wurdt desjarzje ferliend.

Joop Bootsma is ôftredend en hy wurdt betanke foar syn ynset. Foar him yn 't plak wurdt Sjoerd Sypersma beneamd.

Skoft.

7. Ferslach/meidielings beharskommisje "De Tysker" troch Jan Schotanus.

Mei yngong fan 1 jannewaris 2018 is "De Tysker" oerstapt nei in oare enerzjy-leveransier, Noordelijk Lokaal Duurzaam en is oansluten by de Enerzjy Koöperaasje Easterwierrum (E.K.E.).

Troch de weryndieling binne wy no in ûnderdiel fan Súdwest-Fryslân. Ien kear yn it jier fynt der in oerlis plak mei de ferskate doarpshuzen en de gemeente. De doarpshuzen binne yndield yn 3 kategoryën, lyts, middelgrut en grut. "De Tysker" is yndield yn middelgrut. Fan de gemeente Littenseradiel hiene wy noch wat subsydzje te goed.

Yn Súdwest-Fryslân wurdt per 10 jier in bedrach oan subsydzje beskikber steld foar ûnderhâld. Dit is foar it ûnderhâld oan sawol de binnen- as bûtenkant. It kin ek yn 2 kear oanfrege wurde. It subsydzje-bedrach falt wat leger út as yn Littenseradiel, mar dit wurdt kompensearre trochdat der gjin OZB-betelle hoecht te wurden.

"De Tysker" hat in goed jier draaid, der wurdt elts jier ± € 10.000,- reservearre. It gebou wurdt goed brûkt en bepaalde saken (sa as byg. de ôfwaskmasine) binne dan ek oan ferfanging ta. Der is in aktiviteiten-, kulturele- en histoaryske-komisje dy foar noflikke jûnen soargje.

Mei begraffenissen en sommige aktiviteiten is parkearen in probleem. De beharskommisje sil ûndersykje oft der ek mooglikheden binne foar útbreiding fan parkearrumte.

Bokke Eekerk: It biljert wurdt troch te folle minsken ferpleatst en net wer goed te plak setten.

Jan Schotanus: Troch aktiviteiten yn it kafee, moat it biljert sa no en dan ferpleatst wurde. Der is in nij ramt makke om it biljert makliker te ferpleatsen.

Marianne Visser: De biljerters kinne in kontaktpersoan oanstelle, dy 't belle wurde kin om ien en oar wer goed te plak te setten.

8. Foarstel nije leden:

De nije leden dhr. en mefr. H. Reitsma – Bûtewei 21, Mark de Man /Paul Beista - Fûgelsangleane 11, Martijn Mozes/Nadja Koning – Bûtewei 32, Wessel Koster – Fûgelsangleane 15, Cor de Bakker – Dilledyk 16 en Steven Bootsma - Doarpsstrjitte 6, yntusken De Dille 3, wurde mei applaus wolkom hjitten.

9. Foarstel ta wiziging statuten. Sjoch foar de foarstelde wiziging taheakke.

Goed twa wike fan te foaren ha de leden de wizigings, sa 't dy troch notaris Van der Hem út Jorwert opsteld binne, tagelyk mei de wurklist thús krigen. Yn ferbân mei de mooglikheid enerzjy-belesting werom te krijen moatte de statuten fan Doarpsbelang oanpast wurde. De wizigings wurde troch Tryntsje van der Meer neier taljochte en dêrnei yn stemming brocht. De gearkomste stemt mei algemiene stemmen yn mei de foarstelde wizigings en jout it bestjoer de opdracht dit fierder mei de notaris te regeljen.

10. Bestjoersferkiezing.

Nei 10 jier is Tryntsje van der Meer ôftredend en sy wurdt betanke foar har ynset. As betankje foar har krewearjen kriget sy in kultuerbon oanbean.

As kandidaat stiet Paul Beista op de list en der binne fierder gjin tsjinkandidaten kaam.

Paul wurdt mei algemiene stimmen beneamd.

Tryntsje betanket de leden foar it fertrouwen dat sy krigen hat en jout fol betrouwen de pinne oer oan Paul en winsket him sukses.

11. Bestjoersmeidielings.

a. Bonté de Grootfûns:

Nei oanlieding fan de weryndieling is der besluten dat it jild fan it Bonté de Grootfûns oerdroegen wurdt oan Doarpsbelang. Nei ferskate tûkelteammen is úteinlik it restearende bedrach ad. € 28.755,44 oermakke oan Doarpsbelang. Dit jild is earmerke en op in aparte rekken setten. It jild moat bestege wurde yn de lijn mei it legaat en yn 20 jier opmakke wurde. Jierliks is der dus sa 'n € 1.400,- beskikber.

Yn gearwurking mei de gemeente is besluten dat der finansjele stipe jûn wurde kin oan byg. skoalbern, bydrage skoalreiske, oplieding muzyk/sport, oplieding AED en âldereinreiske.

Djoke Reitsma: Bydrage foar skoalreiske is dat al dit jier?

Frank Jorna: Hy hat ynkoarten in oerlis mei skoalle en sil dit ek besprekke. De útjeften moatte keppele wêze oan Easterwierrum.

De lêste 4 jier is der allinne in bydrage jûn oan it 50+ reiske. Dit foel eins ek al bûten de lijn fan it legaat.

b. Oplieding bestsjinning AED:

Oant no ta ha harren 6 dielnimmers melden foar in ferfolchoplieding. Der kinne noch mear by. Melde kin by Petra Miedema of Harmina de Schiffart.

c. Stân fan saken Doarpsfyzjy:

Hjir is noch gjin nijs oer, moat noch fierder oppakt wurde.

d. Natuerlik ferskaat.

Der wie troch de Friese Milieu Federatie in oanfraach dien foar Berltsum en Easterwierrum. Dizze oanfraach is yn novimber ôfwiisd. It giet om mear ferskaat yn de natuer, mear kleur, strúkjens ensfh. Der is in nije /oanpaste oanfraach dien en is yn behanneling.

Yn dizze groep sitte û.o. Johan Bonekamp, Benny Nauta en Stephan Kurpershoek.

Sjoerd Sypersma: Komme der mear beammen?

Stephan Kurpershoek: Mear kleur, bygelyks langs de Dilledyk.

e. Wiziging subsydzje/ûnderhâld boarterstún.

Yn de gemeente Súdwest-Fryslân falt de ynspeksje, ûnderhâld en it mooglik ferfangen fan in boarterstastel ûnder de ferantwurdiging fan de gemeente. Der wurdt 3 kear yn 't jier ynspeksje útfierd. Mankeminten kinne tuskentiids melden wurde troch Doarpsbelang, in bewenner of in âlder. Doarpsbelang hat in rjochtstreeks nûmer fan de kontaktpersoan.

f. Undernimmersfûns. (Taheakke meidieling)

Yn Súdwest-Fryslân is der in ûndernimmersfûns. Dit wurdt betelle troch in opslach op it OZB-taryf foar net-wenningen mei in persintaazje fan 0,027 oant 0,033%. Hoe 't ien en oar krekt wurket is net alhiel dúdlik. Doarpsbelang hat kontakt hân mei de hear J. Hoogenboom en hy is ree fûn om dit fierder ta te ljochtsjen. Doarpsbelang sil hjirfoar in jûn organisearje.

12. Wat fierder op tafel komt.

Bokke Eekerk: It paad fan Doarpsstrjitte nei skoalle sjocht der net út. Ek de strúkjens lâns dit paad fan skoalle nei de Rydwei binne oan ûnderhâld ta.

By skoalle hat in trekker it gers ferinnewarre.

Tryntsje van der Meer: Sok soarte fan saken kinne melden wurdt by de gemeente, fia de webside fan de gemeente,. It adres hat yn de skoal/doarpskrante stien.

Bokke Eekerk: By it oerstekplak foar fytsers op de Dille is in part fan it skrikhek fuort.

Doarpsbelang: Ek dit kin melden wurde by de gemeente.

It paad fan de buorren nei de Dille soe eins fytspaad wurde moatte, in part fan dit stik is in 80-km. dyk. Doarpsbelang sil dit ek by de nije gemeente oankaarte.

Sjoerd Sypersma: In tal ûndernimmers ha ±20 jier lang de krystbeam yn 'e buorren sponsore. Elts jier op nij wurdt de beam al foar 12 oere of krekt dêrnei omkapt en yn de brân stutsen. De lampkes wurde op in bult goaid. Sy ha besluten dit net langer te fersoargjen. Miskien in idee foar Doarpsbelang om dit oer te nimmen?

Klaas-Jan Jorna: Soe graach sjen dat Doarpsbelang de finger oan de pols hâldt by it oerstekplak foar fytsers Doarpsstrjitte/Tsjerkebuorren.

De regels foar in pjutteboartersplak binne oanpast, miskien binne der mooglikheden dit wer yn Easterwierrum te krijen. Soe miskien yn skoalle kinne? Oerlis mei de M.R. fan skoalle?

Geart Siesling: Yn it Sneeker Nieuwsblad stiet gjin gemeentenijs, sa as bou-oanfragen ensfh.

Lize Cossen: Dit is te finen op de webside fan de gemeente.

Hedzer van dere Meer: ûnderhâld "Reade Plein" en benammen de treppen nei it wetter lit te winskjen oer. It sjocht der net út en is wol de yntree fan it doarp.

Lize Cossen hat dit meinaam nei de gemeente en der sil nei sjoen wurde,

13. Sluten.

Om kertier foar tsienen hinne slút de foarsitter de gearkomste mei in wol thús en foar elts noch in drankje yn it kafee.